

Koarte histoarje fan ús koar

Us koar 'Sjong de Heare' sa as wij hjir sitte is yn 1949 oprjochte om krekt te wezen op 1 maart 1949.

De namme waard doedestiids betocht troch Riep Blom. Foar de oarloch wie der ek in koar. Sursum Corda. Dit wie yn de tritiger jierren oprjochte en wie in frijgesellekoar. Dit hâlde yn dat sadree je trouden teminsten ien fan de twa ophâlde moast te sjongen. Doet de Vries-Bergema (Us mem) is bij dit koar begûn. Uteinlik hâlde it koar der hielendal mei op trochdat de oarloch útbruts. Jûns nei achten mocht net ien oer strjitte en dus waard der gjin koar mear hâlden.

Nei de oarloch wie der koart in koar de Fredeloat. 70 sjongers waarden hjirfoar optrommele. Se songen krekt nei de befriijing it Wilhelmus, 4 stimmich en psalm 150. Hjir kaam doe Janke Bergema-Elzinga derbij. It hat mar koart bestien oant yn 1949 it koar sa as we it no noch kenne oprjochte waard. Want Nijsjerk koe net sûnder koar! It hie 40 leden en de dirigint wie Arjen van Lune, Frans Lieuwes Sijsma wie foarsitter, Tetsje de Vries (fan Jelle Wessels) wie sekretaresse en Grietsje Wiersma ponghâlder.

It koar hat altyd in goede namme hân, hat 20 jier yn de eare ôfdieling songen en in soad prizen helle. Wêrûnder de Noardske Balke dy't Goaitzen Cuperus as earste yn ûntfangst nimme mocht. In soad jubilarissen binne der yn de rin fan de jierren west. Sommige in hiel skoft bij it koar. We neame Trien de Boer-Kooistra. Sij wie hast fan de oprjochting ôf fan dit koar derby en hat benei 70 jier lid west. Oant se derôf gie om sûnens redenen hie se noch altyd in hiele moaie sopraan. Nanne Walda hat mear as 70 jier songen. Syn sus Akke wie der 60 jier bij. Martsje Walda-Sijsma benei 65 jier. Theunis en Jannie hast 50 jier. In teken dat it ek goed foldie op it koar. Der wie nivo mar ek gesellichheid. Dat lei ek mei oan de diriginten. Us dirigint Henry Pickée is de lêste dirigint fan it koar. Der tuskenyn hawwe: Van der Meulen, Hans Faber, Jitze Nicolai, Herman Zandt, Freerk Hofma, en Bauke Hoekstra foar it koar stien. Takom jier hiene we oars 75 jier bestien. We binne bliid mei alle jierren dy't we hân ha mei it koar. In rykdom foar it doarp. Sjong de Heare as namme is foarby mar foar de Heare sjonge is foar altyd!